

Mobylytsjebloes

oeral op 'e strjitte dêr komt it dy temjitte
 dat irritante lûd fan in mobile tillefoan
 dy pipet dan de wize fan Bløf of Für Elise
 wat noch echt muzyk wie, wurdt sa foargoed bedoarn
 pratend tsjin de loftten bin minsken hiele skoffen
 ferdwûn, ja dat wol sizze net echt hjir en ek net dêr
 de eagen stean ôfwêzich, gesichten wakker glêzich
 har geast fljocht digitaal frijwat fertize hin en wer

D G7
 D B7 Em A7
 D G7
 D B7 G7 D
 G C7
 G E7 A7 D7
 G C7
 G E7 C7 **D7**

*kearsang: altyd berikber, altyd beskikber
 plestyk kontakt sûnder waarmte of kleur
 tillefoneare, bliuwt mar sabeare
 hoedzje dy foar de mobyltsjeterreur*

Gm C7 Gm C7
 Gm F Bb7 A7
 Gm C7 Gm C7
 Gm F Bb7 A7

yn winkels en yn treinen sels op fersierde weinen
 resepsjes en begraffenissen, yn de bibliotheek
 yn kroegen by 't biljerten yn 't korps by de trompetten
 yn tsjerke hearst se piipjen ûnder de preek
 der is gjin plak mear heilich der is gjin fak mear feilich
 kinst net sa gek betinke of dit kwea dat docht him foar
 se kin ús hjir ek pleagje, mar dat moat se net weagje
 dan smyt wy dy mobile kriminelen troch de doar

D G7
 D B7 Em A7
 D G7
 D B7 G7 D
 G C7
 G E7 A7 D7
 G C7
 G E7 C7 **G**

*siz no sels, ek tolerânsje hat syn grins
 en sûnder dy mobyltsjes binne minsken dochts mear mins*

G7 D
 E7 A7 D7

*kearsang: altyd berikber, altyd beskikber
 tillefoneare, bliuwt mar sabeare
 ek as wy rinne, noait mear allinne
 kinst essemesse, wat in sûplesse
 in linige tomme, kin der fan komme
 't kin sels noch better, as ynternetter
 kommunikaasje, wat in sensaasje*

Gm C7 Gm C7
 Gm C7 Gm C7
 Gm C7 Gm C7
 Gm C7 Gm C7
 Gm C7 Gm C7
 Gm C7 Gm C7
 Gm C7 Gm C7

(ûndertusken giet in mobyl ôf: ja, mei my, ik sit hjir no yn..., ik kom gau wer thús,... hingest lekker op 'e bank,
 o, ja, wat dan?.....bla bla blaa.....ensfh.)

hoedzje dy foar de mobyltsjeterreur! Gm F Bb7 A